

Plaknammen

Húns

It komt gauris foar dat ierdrykskundige nammen yn it bûtenlân of in oar taalgebiet yn it binnenlân yn in oare taal in eigen nammefoarm hat. Wy neame dat eksonimen. It tsjin-oerstelde is in endonym. Dat is in bûtenlânske namme of in namme út in oar taalgebiet sa't dy dêr húsriem is. In foarbyld fan in endonym is 'Paris', wylst wy dêr as eksonym 'Parys' foar hawwe.

ing/ns

It eksonym fan de haadstêd fan Grinslân is yn it Frysk standert 'Grins', wylst de Grinslanners dêr sels 'Grunnen', 'Stad' of 'Groningen' as endonym foar hawwe. It ferskil tusken 'Grins' en 'Groningen' is minder grut as men op it earste each tinke soe. De etymology fan de namme is net alhiel wis. Der is wol tocht oan in persoansnamme, mar ek wol oan it eigenskipswurd 'grien'. Wis is wol dat de âlde útgong 'ingi' yn de namme sit. Dat elemint jout wat fan in besitsrelaa-sje en men krijt dan sokssawat as 'folk fan' of 'hearrend' ta. Yn it Frysk is troch lûdferoaring 'ing' oergien nei 'ns' en sa binne wy op 'Grins' útkaam.

1275

Der binne nochal wat Fryske toponimen dy't dy ûntjouwing fan 'ing' nei 'ns' trochmakke hawwe. As wy sjogge nei de âldste oerlevering fan de namme fan it doarp Húns, mei goed hûndert ynwenners yn de gemeente Ljouwert, dan sjogge wy fuortdaliks dat dy yn it 'Grinszer' patroan past. Yn 1275 is nammentlik 'Hunenghe' op skrift steld. Yn 1493 sjogge wy, op skrift alteast, de g noch yn de foarm 'Hyinghe'. Letter komme foarmen as 'Huwns' (1473), 'Huns' (1505) en 'Hoens' (1529) foar. De ûngelikense klinkers yn de ienwurdliiddige nammen hoege der net op te wizen dat der yn deselde tiid ûngelikense útspraken wienen. De oe, uw en de u hawwe grif alle trije de útspraak û hân. It foarste elemint sil in persoansnamme west hawwe dy't de foarm fan 'Huno' of sokssawat hie. Mei de namme waard fer-wiisd nei it eigenskipswurd 'brún'.

Leons

Wy hawwe foar net-Frysktaligen de lestige klank uë, dy't wy dan ek nochris ûngelikens staverje. Foar de r skriuwe wy in eu, lykas yn 'beurs' en yn guon tiidwurdfoarmen brûke wy de letterkombinaasje eau. It wurd 'reauntsje' is dêr ien fan. As tredde mooglikheid hawwe wy yn inkelde grûnwurden in eo. Foar Frysklearders is it ûnderskieden fan 'snein', it útsprekken en skriuwen fan it wurd 'sneon' in poepetoer. En dan hawwe wy ek noch twa plaknammen mei de eo: Greonterp en Leons. It doarpke Leons, mei fiifentweintich ynwenners in krobke yn de gemeente Ljouwert, leit fuort by Húns en wurdt faak mei dat doarp yn ien sike neamd. En sadwaande giet it wolris mis. Sa skriuwt in leksikon fan Fryske plaknammen (2007) dat de Fryske útspraak 'Lúns' (noch) net yn topografyske boarnen foarkomt.

1275

Yn it tige wiete jier 1275 is, foar safier bekend, de doarpsnamme foar it earst op skrift fêstlein. It giet om de foarm 'Leonghem'. It foarste part strykt dan al suver mei de foarm fan no. It twadde part fan dy âlde namme is de wurdfoarm dy't no 'hiem' is. Letter yn de midsiuwen komt dy 'hiem'-útgong net mear foar. Yn 1438 is it Lyons, en fan doe ôf oan no ta slút de namme mei in s. Der is troch de tiid hinne wol in rûfeltsje fariaasjes oerlevere. Guont dêrfan binne 'Lyowens', 'Lyovens' en 'Lyouwens'. It liket der in soad op dat de stavering fan it lûd yn de namme altyd dreech west hat. De namme is yn de lette midsiuwen oergien fan in 'hiem' namme nei ien dy't útgiet op 'ingi'. Dy útgong is feroare yn in 'ns'-sturt. Wat dat oangiet, lykje 'Húns' en 'Leons' wól opinoar.

It foarste part is in âlde persoansnamme. It giet om de manljusnamme 'Liuwe', mei de betsjutting fan 'leaf'. Noch altyd in namme mei útspraakfariaasje. Yn myn Frysk soe ik sizze dat it oangeande de betsjutting fan 'Leons' giet om 'by de lju fan Ljowe'.